

wit wat



Dit boekje is fan

wit wat

Tonge - 1

Skriuw de wurden op it goede plak.

(kies út: kåld, noas, sâlt en oars.)

Gedicht


Mei dyn tongue kinsto priuwe,
bitter, swiet en soer en

Mei dyn fingers kinsto fiele,
fielt it waarm of fielt it

Mei dyn earen kinsto hearre,
rûke dochsto mei dyn

Mei dyn eagen sjochst de wrâld yn,
dy is elke dei wer

IT IS WERRIS WAT CARS.
IIS FAN READE PIPERS.



Op skoalle

Akke, Wyp en Janke ha in hobby.
Ien sparret knuffels, ien spilet gitaar
en ien mei graach lêze. Skriuw de
goede namme by de goede hobby.

..... sparret knuffels.

..... spilet gitaar.

..... mei graach lêze.









Tonge - 2

Wat past it bêste by:

Hearre, Fiele, Sjen, Rûke en Prieue.

Skriuw **H**, **F**, **S**, **R** of **P** by de plaatsjes.



Wit Wat



Yn 'e keuken



Meitsje it rûntsje grien (wier) of read (net wier)

- 1. De kok hat it drok.
- 2. Ik tel sân pannen op it fjoer.
- 3. It is kåld yn 'e keuken.
- 4. De ober docht goed syn bêst.
- 5. Ik sjoch in bak mei woartels.
- 6. It mes fan de kok moat skerp wêze.
- 7. De kok neame se ek wol sjef.
- 8. Gasten meie noait yn 'e keuken komme.
- 9. Elk restaurant is gelyk.
- 10. Ik yt ek wolris yn in restaurant.

TROCHSTREEKPUZEL

Sykje alle wurden en jou se netsjes de goede kleur.

S	W	I	E	T	B
T	P	I	I	S	I
R	A	S	T	D	T
A	T	O	L	R	T
A	A	E	Â	O	E
T	T	R	S	P	R

SWIET = grien
 TAART = read
 BITTER = giel
 SOER = blau

SÂLT = brún
 DROP = pears
 IIS = oranje


Asto it goed dien hast blyuwe der 5 wite hokjes oer. Sjochst wat der stiet?
 Skriuw it wurd hjir ûnder op.

Ik yt wolris



Wat fynsto lekker?

Tekenje op it board watsto lekker fynst.



Tonge - 5


SUDOKU



Yn dizze puzzel sitte 5 plaatsjes.

In mûle mei in tonge, in noas, in finger, in each en in ear

Yn elke rij sit it plaatsje mar ien kear.



Kinsto de oare plaatsjes tekenje?



Proefke – Priuwe mei de noas ticht

Hast nedich:

- 3 x glês
- 1 x reade ranja
- 1 x oranje ranja
- 1 x griene ranja
- 1 x proefpersoan



Dit proefke kinst it bêste mei syn twaën dwaan.

Stap 1 | De proefpersoan docht syn eagen ticht.

Stap 2 | Jou him of har de earste ranja, meist sels de smaak útsykje.

Wit de proefpersoan watfoar smaak it is?

Stap 3 | No knypt de proefpersoan ek syn noas ticht.

Let op! De proefpersoan moat fanôf no de rest fan it proefke syn eagen en noas ticht hâlde.

Stap 4 | Jou de proefpersoan de folgende smaak. Meist wer sels de smaak utsykje.

De proefpersoan moat priuwe, mar noch net de smaak sizze.

Stap 5 | No joust de smaak ranja dy't noch oer is.

Stap 6 | Wit de proefpersoan watfoar smaak hy of sy as lêste kriegen hat?

As it proefke goed slagget, dan hat de proefpersoan gjin idee, want mei de noas ticht kinst net goed priuwe! Gek hè?



Sjonge en de tonge

tekst: Jelle Bangma, muzyk: Meindert Bosklopper

Ja de lippen en de tonge
mei de mûle klinkt it sa:
kin ik alle lietsjes sjonge
sjong fan tralala.

Refr.

Ferskes klinke litte, om't ik happy bin
sjonge mei de tonge, foar in fleurich sin.



Alle klanken kin ik meitsje
kinsto ek, prebear it mar
klanken soms ek om te laitsjen:
pi-pa-pake-par.

Refr.

Alle dagen wol ik sjonge
hûndert ferskes op in dei
stoere famkes, leave jonges
doch mar mei my mei.

Refr.

En as alle ferskes op binn'
want nei hûndert is dat sa
doch ik krekt as dat ik gek bin
sjong fan tralala.

Ferskes klinke litte, om't ik happy bin
sjonge mei de tonge, foar in fleurich sin. (2x)

